

Eindverslag ONT 2 seizoen 2012/2013

Hoi allegearre,

Wesley wie in bytsje “voetbalmoe” en hy hie wat lêst fan “writersblock”, mar om no hielendal near mear te ferslaan oan it ein fan dit moaie fútbaljier is ek wer net des Wesley’s. Dêrom dochs mar efkes in soarte fan gearfetting fan dit jier. It begoun mein in nije trener, iene Andre van der Veen út Drachtster Kompenije. Hy woe der wat mear fútbal yn bringe, no en dat is wol aardich slagge. Op syn elektriske fyts hobbele der eltse saterje nei Sportpark Douwekamp, en hie eltse kear wer in “surprise” foar ús yn petto. Somtiden like it oan de kant wol at hy op batterijen rûn, mar dat wie dochs syn fyts....

Al gau hy ús dr Dré de basis fan syn team stean. Riemo Sjoerdsma kaam út de A-seleksje en krige in plakje sintraal efteryn mei âld gehaktbal Freddy Jelsma, dy’t dit jier opfallend fit wie en bleau, seker nei de winterstop. Rein Ybema, dy’t ek dit jier wer faaks in wykeintsje op stap gong mei de frou, wie de fêste keeper. Op rjochts en linksback stienen it meast PY (nei de winterstop wie er net allinnich ZZP’er foar himsels, mar ek foat it nije hûs foar him en syn deerntsje Dieuwke), Butsje (sa no en dan wat min op’e tried, mar at dizze in bal sjocht dan gebeurt der wat..), Jaap-Jan “hulk” van Leeuwen, dy’t mar rinnen bliuwt en Pier dy’t wat hinne en wer fleach fan ONT tot ONT 3 (of 5) Pier wol altyd wol spylje, at de dames him freegje dan strûpt er it piemeltsje nei efter, nimt in heech stemke oan en docht ek dêr mei. In foarbyld foar in protte minsken binnen ONT.

Dan Jasper “Met de vlam in de pijp” vd Veen. Ek in goeie ferdiediger en hurde wurker, dy’t technisch noch wat byskaaft wurde moat. Mar ek dizze jonge gjit troch oant er net mear rinne kin. Op it midden stie âld strider Wietze, mei syn 42 de âldste fan it stel. Oan it ein fan it seizoen kamen der wat lytse kwetsuren oan de wrakke poaten, mar trochgean sil er. Gefelicge@rt Geertsma die ek faak mei. Hy hat dit jier in wyfke oan de heak slein, en wie dan ek wat ôfwezich yn it fjild. Tsja, dy begjinnende leafde, it sil it nije jier wol wer oer wêze.. Nei de winterstop kaam der in pinnig mantsje út Zaandam, dy’t ek graach mei it keurkorps fan Dr. Dré meidwaan woe. Jesse hjit er, mar wat wie der faak lulk. Dat hjit “drive” leau ek, mar somtiden gie it wat te fier. Seker yn it begjin die dizze krobbe fan sich sprekken, jammer dat er wer wêrom giet, san driftkikkerke is wol moai om derby te hawwen. Sjoerd Venema, de stille kreft yn de earste helte fan it seizoen, hat eindelijk syn kans yn it earste pakt nei de winter. Foar de winter die der it al goed by it twadde. Sjoerd is net sa’n prater, mar syn freondinne mei wol graach it gesprek geande hâlde. In moai kombinaasje. Mini Beam stie ek faak sintraal op it midden. In hurde wurker, mar wol in bytsje balfereale. Sil nea fersaake, en laket altyd. Tsjonge, at je sa besich binne, dan ferjitte je faaks ek noch wol in pear, mar dat moatte jim my mar ferjaan. Ik gean noch eefkes troch. Foaryn stienen faak de twa woudreuzen, Otto en Beam. Beam wie ek wat krakkemikkig dit jier. Wat wolle je, at je sels de ankels yntape mei tape wat foar de kij bedoeld is. Manke Nelis soe in goeie bynamme wêze foar dit seizoen, mar hy hat wol in stuk of 15 goals makke, it wurde steeds mear! Otto, ja dan Otto, in goeie spits mar wol in bytsje makkelik. Hy skoart elts jier ek sa’n 15 goals, mar dat koenen der folle mear wêze. Dan in neikommer út Boarnburgum, dy’t nei 1 jier ek al wer fourtgiet. Blessure gefoelig, mar at er meidocht skoart er 3 kear. Fandêr de namme “Patrick hatrick”. Snel as it ljocht, mar in man fan glês. Dan ús mantsje Dam, Rutmer fan foaren. Hy woe dochs wol graach wer spylje, dan mar restich begjinne yn it twadde. Mei syn elastyken slungelpoaten hat er folle ferdidigers yn fertwifeling efter litten. Jammer dat dat ek Dennis dûbeltsje opfoel, sadat we Rutmer (en Riemo, en letter ek Freddy) foar it grutste diel fan it seizoen kwynt wienen oan it earste. Ús blues brother mei syn swarte sinnebril hie it wol swier by de A-seleksje. Bin beneid wat er oar seizoen docht.. En fansels wol ik ús leider net ferjitte. Sjoerd “terrier” Mulder. Wat wie der net? Flagger, maatskiplik wurker, administratief meiwurker, puntenpakker, sis it mar en Sjoerd spile it klear. Moai dat we him noch ferleide koenen om noch in jier troch te gean.

Tsja, en dan it seizoen. “Wat binne we moai fourt net?” dat klonk faak yn de klaaikeamer. Dat seit genoch, it wie willewurk. Bitterballen yn de rêst, spesjale ôftrapen, healdronken en spuierige spilers, in grinsrjochter mei “gilles de la Tourette”, jammerende jonkjes út Assen, wat ha we net meimakke.

Mar at de fluit fan de skiedsrjochter gong, dat wie it alle hens oan dek en wurde der knokt. Goeie wedstryden tsjin Drachtster Boys en Broekster Boys thús wienen hichtepunten, mar ek de 4-3 stellen oerwinning tsjin Knickerbockers mei de wêze. At je 5 minuten foar tiid noch mei 2-3 efter steane, dan is noch mei 4-3 winne wol spesjaal! Al mei al ha we krekt te min punten helle om kampioen te wurden. Foaral tsjin de 3 oare kanshebbers foar de titel wurden te min punten helle.

Mar wol genoch punten om de neikompetytsje te heljen, dat wie al mei al net in heechdrifend sukses. CSVH 2 út Hoogkerk wie fierste sterk. Al 4 jier efter mekoar dogge we mei oan de neikompetytsje, mar it slagget mar net. Litte we ôfprate dat we oar jier kampioen wurde, want dat gedoch fan in neikompetytsje hat dizze jonge wol genoch fan.

Minsken, it wie in bjusterbaarlik jier. At je mei safolle plezier ek noch resultaat boeke, dan is fútbal in prachtich spultsje. Ik winskje eltsenien in noflike simmer fekaansje en sjoch of hear jim wol wer yn it nije seizoen. Ot de ferslagen dan ek kommen bliuwe, moatte je dan mar wer ôfwachtsje. It moat net ferfelend wurde foar de lesers.....

We sille it wol sjen, no earst mar efkes de kicksen yn it fet en de bealch yn de sinne, at we dy dizze simmer noch sjogge tenminste. Mannen fan de B-seleksje, jim kinnen it treningsskema opfreegje by Dr. Dré, want oar jier geane we der wer foar!!

Wesley